

# 36 De post

Dach menear (mefrou) de post, hast ek wat foar my?  
Ik wol graach in kaartsje ha fan dy.

In kaart foar Jos *by it sizzen fan 'Jos' in bern oantikje*  
sit net yn 'e tas.

In kaart foar Jet *by it sizzen fan 'Jet' in bern oantikje*  
ha ik net.

In kaart foar Mine *by it sizzen fan 'Mine' in bern oantikje*  
kin ik net fine.

In kaart foar Tryn *by it sizzen fan 'Tryn' in bern oantikje*  
sit der net yn.

In kaart foar dy ... *yn 'e tas graaie en efkes wachtsje*  
Ja!

Dy sit derby! *in kaart jaan*

## Suggestjes

- De bern sitte yn 'e rûnte. De post rint mei in tas fol kaarten by de bern del. It bern dat in kaart krijt is de nije post.
- It ferske kin ek as fingerspultsje spile wurde.